

GKb 2 De floed sloech tsjin de boech

De floed sloech tsjin de boech,
mar wûnder boppe wûnder:
gie Noach net te'n ûnder:
yn de_arke bleau it drûch,
yn de_arke bleau it drûch.

De bisten soart by soart,
fan grutte en fan lytse
in mantsje en in wyfke,
dy gienen ek oan board,
dy gienen ek oan board.

Sy dreauen yn it rûn
oant einliks 't wetter sakke.
De do fûn griene takken,
it skip rûn oan 'e grûn,
it skip rûn oan 'e grûn.

De ierde lei wer klear
foar minsken en foar dieren,
sy mochten 't libben fiere
yn frede mei de Hear,
yn frede mei de Hear.

It teken dat God joech:
in bôge yn 'e wolken,
ûnthjit oan alle folken:
it lân, it lân bliuwt drûch,
it lân, it lân bliuwt drûch.

tekst Hanna Lam, by Genesis 7-9 – 'Het water steeg wel hoog'
oersetting David de Jong
meldij Wim ter Burg